



Fraksje FNP
Ornearre foar de hear S. Posthumus

Ljouwert, 7 september 2016
Ferstjoerd, - 8 SEP. 2016

Us merkteken : 01342306
Ofdieling : Stêfburo Stipe Bestjoer en Direksje
Opsteld troch : J.A. Slijkhuis / (058) 292 54 27 of j.slijkhuis@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Underwerp : beântwurding skriftlike fragen oer it netto finansjeel belang fan de EU
foar Fryslân

Achte hear Posthumus,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 7 july 2016, beântwurdzje wy as folget.

Wy nimme earst jo ynlieding oer en geane dan yn ien kear yn op jo trije fragen.

“Nei oanlieding fan it referindum oer de Brexit is ek yn Fryslân en Nederlân wakker diskusje oer de takomst fan de EU. It is dêrby neffens de FNP fan grut belang om yn dy diskusje de feiten oer it belang fan de EU goed foar eagen te hâlden.

Yn dat ferbân freegje wy it Kolleezje om foar de Steaten ynsichtlik te meitsjen wat it netto finansjeel belang fan de EU foar Fryslân is.

De Steaten kinne sa'n notysje dêrnei besprekke yn it Platform Europa en/of yn in Steategearkomste.”

Fraach 1:

Is it Kolleezje ree om in notysje oan de Steaten fan Fryslân foar te lizzen mei dêryn in oersjoch fan alle finansjele revenuën/opbringsten fan de EU as sjoen wurdt nei ynkommensstipe foar de boeren, ynvestearrings as gefolch fan Interreg, Kohesyfûnsen, Leader, POP (Plattelânsûntwikkeling) ensfh. It giet dan wol om in langere perioade, bygelyks oer 10 of 20 jier. Kinne jo dêrby ek op in rychje sette watfoar majeure projekten yn Fryslân mei Europeesk jild betelle binne?

Fraach 2:

Kinne jo yn dyselde notysje, om in goede ferliking meitsje te kinnen, in yndikaasje jaan fan de netto-bydrage per ynwenner fan Fryslân oan de EU.

Fraach 3:

Wannear tinke jo sa'n notysje foarlizze te kinnen?

Antwurden op de fragen 1 o/m 3

Yn jo fragen definiearje jo it belang fan de EU foar Fryslân folslein yn termen fan Europeesk jild dat hjir terjochte komt fan út de Europeeske fûnsen en regelings wei en de ynvestearrings dy't dêr it gefolch fan binne. Dat is op himsels al hiel breed, mar in goed byld freget mear.

It ekonomysk belang fan de EU foar Fryslân hat mar foar in part te krijen mei it jild dat yn ús provinsje delslacht. Folle wichtiger is it effekt op de Nederlânske en dêrmei ek op de Fryske ekonomy fan it wurkjen yn ien grutte Europeeske merk. De Nederlânske ekonomy is troch de EU sirka 30% grutter as sy sûnder de EU wêze soe. Dat betsjut dat dus ek it Fryske part yn de Nederlânske útfier nei oar EU-lannen útsocht wurde moat. Oars jout dat in te beheind byld, dat op himsels wer nije diskusjes opropt.

Jo freegje nei de gefolgen oer in perioade fan tsien oant tweintich jier. Op himsels is dat terjochte: foar in goed byld moat de perioade lang genôch wêze om de effekten fan tydlike delklappen en piken te neutralisearjen. Dit hat lykwols in oare kant: Europeeske regelings feroarje geregeldwei, wat net in lyklûdich byld oer de hiele te ûndersiken perioade opsmite sil (1995 is oars as bygelyks 2005 of 2015).

Fierders moat it noch bliken dwaan oft alle nedige data noch efterhelle wurde kinne: waard/wurdt alles wat wy witte wolle ek systematysk byhâlden? Wêr leit dy ynformaasje? Hokker bewurkings binne nedich?


As lêste wolle wy noch opmerke dat it belang fan de EU folle breder is as ekonomy en jild. It giet ek om saken as regeljouwing op in protte mêden en de effekten dêrfan op regionaal en nasjonaal nivo, mar bygelyks ek om it frije ferkear fan persoanen. Dat soe ek yn byld brocht wurde moatte.

De Europeeske yntegraasje hat ek betsjutting as wolfeartsbasis ûnder frede en feiligens nei 1945. Dat spilet tusken lannen/lidsteaten fan de EU, mar dêrmei ek foar regio's as Fryslân dy't ûnderdiel binne fan dy nasjonale ferbannen. Dat lit him ek net yn jild útdrukke, mar is wol wichtich as histoarysk perspektyf foar de fraach nei it belang fan de EU foar Fryslân.

Koartsein: in notysje dy't in serieuus en betrouber antwurd op jo fragen jout, freget in hiel soad amtlike tiid en sil in protte heakken en oezen opsmite. Wy binne fan betinken dat it – ôfset tsjin de opjefte dêr't de organisaasje mei dwaande is – net ferantwurde wêze soe om sa'n notysje ta te sizzen.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



J.A. Jorritsma, foarsitter



A.J. van den Berg, sikretaris